

## Ter herinnering aan haar

Preek voor Witte Donderdag 2021

Lezing uit Matt. 26, 1-16

(ds. Hinne Wagenaar)

We hebben vanavond het gedeelte gelezen over de vrouw die Jezus zalft tijdens de spannendste periode van zijn leven, vlak voordat hij zal worden omgebracht. Een belangrijk verhaal want het wordt genoemd in al de vier evangeliën.

Het verhaal staat ingeklemd tussen twee akelige passages die handelen over strijd en verraad. Voorafgaand horen wij dat de hogepriesters en oudsten onder leiding van Kajafas bij elkaar komen en het besluit nemen om Jezus, vlak voor het Paasfeest, in het geheim op te pakken en te vermoorden.

En na dit verhaal over deze vrouw lezen wij dat Judas Iskariot het helemaal gehad heeft met Jezus. Was hij zó teleurgesteld in Jezus dat hij hem wilde verraden? Wilde hij op deze manier het geld compenseren dat verloren was gegaan aan dure zalf? Had hij het gevoel dat Jezus het rechte pad kwijt was nu hij zichzelf liet verwennen met dergelijke dure parfums? 'Zijn we onze idealen nu dan helemaal kwijt?' Wie weet wilde hij Jezus voor erger behoeden en had hij er geen idee van dat het op de dood zou uitlopen?

En tussen deze twee akelige passages over de plannen van Jezus' tegenstanders en het verraad in eigen kring, staat het verhaal over deze vrouw. Wie de vrouw is, weten wij niet. Waar ze vandaan komt evenmin. Het is een compact verhaal zonder details. Maar de vrouw breekt in in het mannen-verhaal en giet dure olie over Jezus' hoofd. Voor de aanwezigen was die handeling volstrekt helder. Dat werd gedaan door profeten die bv. een koning zalfden, zoals Samuel dat deed bij koning David. Zij zalft Jezus tot Messias, gezalfde, Christus.

Maar natuurlijk niet op deze manier. Niet door zomaar een vrouw zonder naam. Wat denkt zij wel niet? Dat geld had beter gebruikt kunnen worden voor de armen. Wat een verspilling! Een ware activist zoals Judas vindt zoiets onverteerbaar. Want die zijn altijd serieus, denken overal goed bij na, moeten altijd goed doen. Die kunnen niet zo gemakkelijk genieten van het goede leven.

Deze vrouw doet Jezus een deugd, zo zegt hij zelf. In de zwaarste tijd van zijn leven, weet zij wat hij nodig heeft. Zij geeft hem steun en verzorgt hem; zij bemoedigt en koestert hem. Zij zalft hem tot Messias. Maar tegelijkertijd begrijpt zij dat deze Messias ten onder zal gaan. Ze zalft een Messias die zal lijden. Het is een voorbereiding op zijn dood en sterven. Dit is zalving en balseming ineen!

En de mannen? De mannen vergaderen, maken plannen voor hun eigen belangen. De mannen hebben een grote mond, maar blijken er maar weinig van te begrijpen. Deze vrouw daarentegen praat niet over Jezus, maar komt naar hem en verzorgt hem. Zij verzorgt zijn lichaam voor de zware reis die staat te komen. Wat een verademing.

En de mannen? Zij dromen nog over macht, over pracht en praal. Maar deze vrouw weet dat Jezus kleiner en kleiner zal worden, zal lijden en sterven om de wereld te redden.

Er is niets moeilijker dan klein te worden, om los te laten. Er is niets moeilijker dan trouw te blijven aan je eigen weg, zonder gefrustreerd te raken, zonder je aan te passen aan je tegenstander, zonder te worden als de 'draken' waarmee je te maken hebt. Jezus gaat deze weg en blijft trouw aan zijn roeping. Deze vrouw begrijpt dat, verzorgt en helpt hem om zo stand te houden te midden van de 'draken', de machten van dood en verderf. Door hem te zalven vertelt zij *haar* verhaal: op Hem kun je vertrouwen en je leven bouwen. Hij is de weg, de waarheid en het leven.

Beste mensen,

bijna hadden we dit verhaal niet gelezen. Want op het leesrooster van onze kerken staat op de Witte Donderdag het verhaal over de voetwassing uit het Johannesevangelie. Hoe mooi dat verhaal ook is, toch heeft het ook iets wrangs. Jezus zegt toch niet voor niets: 'Ik verzeker jullie, waar ook ter wereld het goede nieuws verkondigd zal worden, zal ter herinnering aan haar verteld worden wat ze gedaan heeft.' Is het niet wat apart dat wij vaak wel de verhalen kennen over Kajafas en de Joodse leiders? Dat het verraad van Judas in ons collectieve geheugen gegrift staat en dat wij weten van de 'zilverlingen'? Dat wij keer op keer lezen dat alle leerlingen Jezus in de steek lieten en wel allemaal onthouden hebben dat Petrus drie keer uit angst ontkende dat hij Jezus kende?

Maar dit verhaal is vaak in de schaduw gebleven. Zo kunnen wij, op deze avond van gedenken, het verhaal van deze vrouw die Jezus een deugd deed zomaar vergeten. En op die manier vergeten wij ook maar al te snel de mensen in deze wereld die geen naam krijgen, die maar gewoon en klein zijn, de mensen die geen grote verhalen ophangen, maar doen wat gedaan moet worden. De mensen die zien waar een ander behoefte aan heeft, de mensen die God verzorgen en als het ware op handen dragen.

Deze vrouw staat model voor alle mensen in de geschiedenis die God verzorgen en op handen dragen. Namen die niet in de geschiedenisboeken terecht komen. Het mag geen naam hebben. Maar de hele kerkgeschiedenis door heeft de kerk het juist moeten hebben van deze vrouwen, van deze mannen.

Wij denken misschien dat de geschiedenis gevormd wordt door belangrijke mensen. Vergeet het maar! De aarde draait nog omdat er zoveel mensen zijn die goed doen in het verborgene. Want de meeste mensen deugen immers. Kerk en wereld leven bij de gratie van deze zogenaamde 'gewone' mensen die in het verborgene doen wat gedaan moet worden: zorgen en verzorgen. Van mensen die God op handen dragen en die op hun beurt door God gedragen worden (of ze het willen weten of niet).

Op deze avond van gedenken, zullen wij deze vrouw en allen die zij vertegenwoordigt niet vergeten. Zoals Jezus het zei bij zijn zalving: 'Ik verzeker jullie, waar ook ter wereld het goede nieuws verkondigd zal worden, zal ter herinnering aan haar verteld worden wat ze gedaan heeft.' Amen.

## Om har te betinken

Preek foar Wite Tongersdei 2021  
Lêzing út Matt. 26, 1-16  
(ds. Hinne Wagenaar)

Wy hawwe jûn lêzen fan de frou dy't Jezus salvet yn de spannendste perioade fan syn libben, flak foar de tiid dat hy ombrocht wurde sil. In wichtich ferhaal want yn alle 4 evangeeljes komt it ferhaal foar.

It ferhaal oer dizze frou sûnder namme stiet yn tusken twa aaklige dielen, twa dielen oer striid en ferried. Foarôfgeand hearre wy dat de hegeprysters en de âldsten ûnder lieding fan Kajafas by inoar komme en in beslút nimme om Jezus, flak foar it Peaskefeest, yn it geheim op te pakken en te fermoardzjen.

En nei it ferhaal fan dizze frou heare wy dat Judas Iskariot it hielendal mei Jezus hân hat. Soe hy sá teloarsteld yn Jezus west ha dat hy Jezus ferriede woe? Hat hy sá it jild kompensearje wollen dat ferlern gien wie troch de djoere salve? Of hie hy it gefoel dat Jezus it rjochte paad hielendal kwyt wie no't hy himsels troch in frou ferwenne liet mei djoer goed? 'Binne wy ús idealen dan hielendal kwyt?' Wa wit woe hy Jezus foar slimmer behoedzje, net wittend dat Jezus ombrocht wurde soe... ?

En tusken dy twa aaklige ferhalen yn, oer de plannen fan de tsjinstanders fan Jezus en it ferried yn eigen kring, stiet dan it ferhaal fan de frou dy't Jezus salve. Wa't de frou is, witte wy net. Wêr't sy weikomt likemin. It is in kompakt ferhaal sûnder details. Mar de frou brekt yn it manneferhaal yn, en jít djoere oalje oer Jezus syn holle. Foar de oanwêzigen wie dat in folslein dúdlike hanneling. Sokke handelingen waarden dien troch profeten dy't in keningen salven, sa't bygelyks Samuel dat die by kening David.

Mar fansels net op sa'n manier. Soks koe fansels net! In frou, samar ien sûnder namme! Wat tink se wol net? It jild hie better brûkt wurde kind foar de earmen. Wat in fergriemerij. In wiere aktivist sa as Judas fynt soks ûnbegryplik. Want dy binne altyd serieus, tinke oeral goed by nei, moatte altyd goed dwaan. Dy hawwe it net sa maklik mei it goede fan it libben.

Dizze frou docht Jezus in deugd, seit hy sels. Yn de swierste tiid fan syn libben wit sy wat hy nedich hat. Wol stipet, fersoarget, koestert him! Hja salvet him ta Messias. Mar tagelyk begrypt se dat dizze Messias deroan gean sil. Se salvet in Messias dy't lije sil. Dit is de tarieding foar stjerren. Sy salvet en balsemet yn ienkear.

En de mannen? De mannen fergaderje, meitsje plannen foar harren eigen belangen. De mannen poche mar begripe der by eintsjebeslút mar in lyts bytsje fan. Dizze frou praat net oer Jezus mar komt by him en soarget foar him. Sy fersoarget syn lichem en geast foar de swiere reis dy't der oan stiet te kommen. Wat in ferromming moat dat foar Jezus west hawwe.

En de mannen? De mannen dreame noch grutte idealen oer macht, oer pracht en praal. Dizze frou wit dat Jezus hieltyd lytser en lytser wurde sil, dat hy lije moat en stjerre sil om sa de wrâld te rêden.

Der is neat muoiliker dan lyts te wurden, dan op te jaan, om los te litten. Der is neat muoiliker dan trou te bliuwen oan dizze wei, sûnder frustrearre te reitsjen, sûnder oan te passen oan de tsjinstander, sûnder te wurden as de 'draken' dêr'tsto mei te krijen hast.

Jezus giet dizze wei gean en bliuwt trou oan syn ropping. Dizze frou begrypt him, fersoarget him en helpt him om steande te bliuwen yn syn striid tsjin de 'draken', tsjin de machten fan dea en ferdjer. Troch it salvjen fertelt sy *har* ferhaal: op Him kinst fertrouwe en dyn libben bouwe. Hy is de wei wei, de wierheid en it libben.

Bêste minsken,

hast soenen wy dit ferhaal net lêzen hawwe. Want yn it lêstroaster fan ús tsjerken stiet op dizze Wite Tongersdei it ferhaal fan de 'voetwassing', it fuotwaskjen, út it Johannes evangeelje. Hoe moai dat ferhaal ek is, dochs hat it wat wrangs. Jezus seit dochs net neat foar neat 'Ik sis jimme: oeral wêr't op de wrâld it bliid boadskip brocht wurdt, dêr sil ek, om har te betinken, ferteld wurde wat hja dien hat'?

Is it net wat apart dat wy faak wol goed de ferhalen witte fan Kajafas en de Joadske liederen? Dat it ferried fan Judas wy yn ús kollektive ûnthâld griffe stiet en dat wy wol witte fan de 'zilverlingen'? Dat wy kear op kear lêze dat alle learlingen en freonen Jezus yn de steek litte, en wol allegear ûnthâlden hawwe hoe't Petrus Jezus trije kear sitte litten hat? Bang en laf as hy wie?

Mar dit ferhaal is faak yn it skaad stean bleaun. En sa ferjitte wy, op dizze jûn fan betinken, hast ek de frou dy't Jezus in deugd dien hat. Sa ferjitte wy ek mar al gau de rol fan de minsken yn dizze wrâld dy't gjin namme hawwe meie, de minsken dy't mar gewoan en lyts binne, de minsken dy't gjin praatsjes hawwe mar dogge wat dien wurde moat (net poche mar dogge), de minsken dy't 'sjogge' wêr't in oar ferlet fan hat, de minsken dy't God fersoargje en dy't God as it wiere op hannen drage.

Dizze frou stiet model foar alle minsken yn de skiednis dy't God op hannen drage en droegen hawwe. Dy't net yn de skiednisboeken telâne komme, dy't gjin namme krigen hawwe. It mei blykber gjin namme hawwe. Mar de hiele tsjerkeskiednis troch hat de tsjerke libbe fan sokke froulju, fan sokke manlju.

Wy tinke miskien dat de skiednis foarme wurdt troch wichtige minsken, no ferjit it mar! De ierde draait noch omdat der safolle minsken binne dy't goed dogge yn it ferburgene. De meeste mensen deugen, ommers! Tsjerke en wrâld libje by de graasje fan al dy saneamde 'gewoane' minsken dy't yn it ferburgene skrepe, soargje en fersoargje: dy't God op hannen drage! En dy't troch God droegen wurde (oft se it no witte wolle of net)

Op dizze jûn fan betinken sille wy har en al dy oaren dy't sy fertsjinwurdiget net ferjitte. Sa't Jezus it sei by syn salving: 'Ja, Ik sis jimme: Oeral wêr't op 'e wrâld it bliid boadskip brocht wurdt, dêr sil ek, om har te betinken, ferteld wurde, wat hja dien hat.' Amen.